

# De oare Fryslannen



## Lesserige oar Noard- en Eastfryslân

Dosintehantlieding

leardoelen:

- de learling kin de Fryske taalsituaasje yn Noard- en Eastfryslân beskriuwe
- de learling kin him ynlibje yn it libben fan Noard- en Eastfriezen
- de learling kin in oantal lânskips- en kultuerbysûnderheden neame fan de oare Fryslannen
- de learling kin simpele Noardfryske en Eastfryske sintjes lêze

# Ynhâldsopjefte

Ynlieding .....	3
Les 1 De oare Fryslannen: Fryske taal yn Dútslân .....	6
1. Yntroduksje.....	6
2. Fiiftalige film (ûnderdiel A yn boekje) .....	6
3. In meartalich bankje (ûnderdiel B yn boekje) .....	7
4. Ferhalen fan Friezen út de oare Fryslannen (ûnderdiel C yn boekje) .....	8
5. Opdracht - Taalsituaasje yn Noardfryslân en Sealterlân (ûnderdiel D yn boekje) .....	8
Taheakke.....	10
Les 2 De oare Fryslannen: kultuer en lânskip.....	11
1. Yntroduksje.....	11
2. Húswurk beprate (ûnderdiel D foarrige les).....	11
3. Natuerfilm oer de Noardfryske eilannen (ûnderdiel A yn boekje).....	11
4. It biikebrânen (ûnderdiel B yn boekje).....	12
5. Google-opdracht (ûnderdiel C yn boekje).....	14
6. Tekst - Plinius Maior oer lânskip yn Ostfriesland (ûnderdiel D yn boekje) .....	16
E. Kontakt tusken de Fryslannen .....	17
Les 3 De oare Fryslannen: Noard- en Eastfrysk.....	18
1. Noardfrysk (ûnderdiel A yn boekje) .....	18
2. Seeltersk (ûnderdiel B yn boekje).....	21
3. Interfryske kwis .....	23
Suggestjes foar de klasse út: .....	25
Fierdere lesideeën.....	26
Ekstra ynformaasje en taalmateriaal.....	27
De hjoeddeistige situaasje fan it Seeltersk.....	27
Ekstra taalmateriaal.....	30

## Ynlieding

In soad minsken (en learlingen) witte wol dat it Fryske taalgebiet eartiids folle grutter west hat (fan Seelân oant de rivier de Weser yn Dútslân), mar minder bekend is dat oer de grins noch altyd Frysk praat wurdt, nammentlik Noardfryslân en Sealterlân. Oer dizze bûtengewoan nijsgjirrige gebieten is hast gjin goed lesmateriaal beskikber. Dizze lesserige springt yn in fakuüm om de learling nijsgjirrich te meitsjen nei dy oare Fryslannen.


### Wêrom is dizze lesserige fan belang?

Dizze lesserige is makke yn in ôfstudearûndersyk nei it ferbetterjen fan de taalhâlding by learlingen foar it Frysk oer. Yn dat ûndersyk wurdt wurke mei de ambysje om de taalhâlding te ferbetterjen troch de learen oer de eigen kultuer yn brede sin, spesifyk troch kennis oer Noard- en Eastfryslân. De taalhâlding beynfloedet de motivaasje om in taal te learen: is dy negatyf, dan wurdt de motivaasje om te learen minder. Is de taalhâlding posityf, dan groeit ek de motivaasje om de taal te learen. Boppedat sille twatalige sprekkers der faker foar kieze om de taal te praten.

Ut ûndersyk docht bliken dat mear kennis oer kultuer bydraacht oan in positive taalhâlding. Wannear't ûnderwiisd wurdt oer de eigen kulturele identiteit, ferbetteret de taalhâlding by memmetaalsprekkers en wurde de learlingen better motivearre. Foar twaddetaallearders wurket kennis oer kultuer ek posityf op de taalhâlding en motivaasje. Kultuer is net los te sjen fan it learen fan in taal en soe goed yn it lesprogramma yntegrearre wêze moatte, stelle ûndersikers.

Op Kurrikulum.frl stiet dat kennis fan de Fryske kultuer learlingen helpt om de Fryske mienskip mei har tradysjes en taalgebrûk better te begripen, te wurdearjen en yn stân hâlde te wollen. Troch te lêzen en te harkjen nei ferhalen, lykas skiednisferhalen en hjoeddeiske ferhalen, en troch oer dy ferhalen te praten, komt in learling net inkeld yn de kunde mei it no, it ferline en de takomst, mar ek mei himsels en oaren. Learlingen leare om har te ferpleatsen yn oare persoanen en tiden en ûntwikkelje dêrmei in histoarysk referinsjeramt, wat helpt om it hjoeddeiske Fryslân better te begripen en te wurdearjen, is de ûnderstelling. Kennis fan de Fryske kultuer helpt dus by in positive taalhâlding.

Undersyk oer motivaasje oer it learen fan in twadde taal hat him jierrenlang benammen rjochte op it learen fan Ingelsk yn de klasse, mar de lêste jierren is dúdlik wurden dat it oars wurket foar it learen fan minderheidstalen. Motivaasje om in minderheidstaal te learen wurdt beynfloede troch in breed pakket oan sosjolingwistyske faktoaren (lykas taalideologyen en de lingwistyske status fan de minderheidstaal) en is sterk ferbûn mei identiteit en in langstme om by in kulturele mienskip te hearren. Men kiest foar in taal, omdat men derby hearre wol. Dit jildt sawol foar memmetaalsprekkers as twaddetaallearers. In positive hâlding foar de doeltaal en doelkultuer oer soarget foar in hegere motivaasje om de taal te learen. In hegere motivaasje soarget op syn bar wer foar in bettere behearsking fan de taal.



By de Grutte Opdrachten binne foar it primêr ûnderwiis en foar de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis boustiennen útwurke, dy't kennis en feardichheden beskriuwe en dy't foarbylden en ideeën jouwe foar de ynfolling fan lessen. It is opfallend dat Noard- en Eastfryslân by de lesûnderwerpen nêr neamd wurde. Yn it programma wurdt omtinken jûn oan taal en kultuer yn ús eigen provinsje Westerlauwersk Fryslân, mar ik wol it graach breder lûke. It is in miste kâns dat der net ûnderwiisd wurdt oer Noard- en Eastfryslân en ús mienskiplike ferline. Myn ambysje is om oan te toanen dat mear kennis by learlingen oer East- en Noardfryslân soarget foar in bettere taalhâlding (en dêrtroch foar mear motivaasje by it learen fan it Frysk).

### Didaktyske útgongspunten

By it meitsjen fan de lesserige is, op basis fan literatuerûndersyk en de ûnderfiningen fan eksperts út it fjild, útgien fan de folgjende útgongspunten.

De opdrachten moatte:

- ✓ aktivearjend wêze en de learlingen sels oan it tinken sette litte.  
*De learlingen binne sels aktyf oan de slach om de opdracht út te fieren en fragen te beantwurdzjen.*
- ✓ de relaasje sjen litte tusken de eigen kultuer fan de learlingen en dy fan oaren.  
*Learlingen binne nijsgjirrich nei de oare kultuer en kinne nei harren eigen kultuer sjen út perspektyf fan oaren.*
- ✓ gebrûk meitsje fan persoanlike ferhalen, dy't oanslute by de aktuele libbenswrâld fan de learling.  
*Learlingen ferpleatse har yn oare persoanen en tiden, mar se kinne ek nei har eigen ferhaal sjen. Dat ferpleatsen yn oaren helpt om it hoeddeiske Fryslân better te begripen en te wurdearjen.*
- ✓ gebrûk meitsje fan fisuele middelen.  
*Learlingen wurdearje ôfwikseling yn de les, fine film oantreklik, sjogge aktyf mei en ûnthâlde better wat se op film sjogge.*
- ✓ gebrûk meitsje fan in spulelemint.  
*De learlingen fine de opdracht leuk en binne aktyf behelle by de les.*
- ✓ (as mooglik) de klasse út mei de learlingen.  
*As in learling leart oer dingen yn syn neiste omjouwing, dan groeit syn motivaasje. Learlingen ûnthâlde dit. Learlingen tinke op de ekskurzje aktyf mei.*
  - Dit útgongspunt sit net yn de gewoane lessen fan trije. Yn de dosinthantlieding wurde nei de lesserige suggestjes jûn om mei de klasse deropút.

### Ynsetberens lesserige

Dizze lessesearje is skreaun foar HAVO- en VWO-learlingen Frysk yn de boppebou. Hy bestiet út trije lessen fan 45 minuten. Foar as de lessen langer duorje (60 minuten), stiet der hieltyd in ekstra opdracht by. Guon opdrachten kinne maklik útwreide wurde, benammen de praatopdrachten, as dat winsklik is. Achteryn de powerpoint steane foto's fan Frysk op 'e dyk yn Noardfryslân, Helgolân en Sealterlân.

De dosinthantlieding is sa skreaun dat de dosint Frysk net sels earst in kursus Noardfrysk of Seeltersk hoecht te folgjen om de lesserige jaan te kinnen. Noardfryske en Seelterske teksten binne fonetysk opskreaun: se binne opskreaun neffens de Fryske útspraakregels. Achteryn de hantlieding stiet noch ekstra ynformaasje (in artikel oer it Sealterlân) en ekstra taalmateriaal.

Mooglik is de lesserige mei wat lytse oanpassings ek te brûken foar it VMBO.

### De opdrachten

De leardoelen fan de lesserige binne:

- de learling kin de Fryske taalsituaasje yn Noard- en Eastfryslân beskriuwe
- de learling kin him ynlibje yn it libben fan Noard- en Eastfriezen
- de learling kin in oantal lânskips- en kultuerbysûnderheden neame fan de oare Fryslannen
- de learling kin simpele Noardfryske en Eastfryske sintjes lêze

Der is in lykwicht besocht te meitsjen tusken de eigen libbenswrâld fan de learling oan de iene kant en de ferriking fan de learling troch it tafoegjen fan in nije wrâld oan de oare kant. Boppedat is der in balâns socht tusken feardichheden, kultuer/skiednis/geografy en it oefenjen fan talesensibiliteit.

Boppe de lessen sels steane de doelen fan elke les.

De learfoarmen gearwurkjen, yndividueel en klassikaal wikselje elkoar ôf. Sa wurde praatopdrachten yn twatalen útfierd, klassikaal nei in film sjoen en neipraat en yndividueel in stikje tekst lêzen en dêr fragen oer makke.

Omdat der in soad ôfwikseling tusken de opdrachten sit, is de rol fan de dosint in belangrike. As ‘presentator’ moat er de les goed begeliede (sjoch de seis rollen fan de learaar fan Slooter). By de praatopdrachten is in goede (wurk)sfear fan belang (de ‘pedagooch’). Soms sil de dosint saken klassikaal útlizze (‘didaktikus’), wêrby’t de learlingen harkje en meitinke, mar ek faak moatte learlingen sels saken útfine en op syk nei ynformaasje (benammen yn de earste en twadde les) en dan stipet de dosint dat proses. Dat betsjut dat de rol fan de dosint as learcoach hjir ekstra wichtich is. Boppedat is it goed om de les hieltyd op tiid ôf te sluten om werom te sjen op de les, sadat it learde by de learling op syn plak falt.

### Ofsluting

Om te sjen oft de leardoelen behelle binne wurst de lesserige ôfsletten mei in kwis, dy’t in ôfspiegeling is fan de learstof. De dosint kin derfoar kieze om op basis fan dizze kwis foar de lesserige in sifer te jaan. (Let dan wol op dat de Kahoot-útslach fan alle learlingen opslein wurdt!) Omdat it hjir in lesserige oanbelanget dat yngiet op taalbelibbing en kulturele identiteit, is ôfsluting mei in sifer lykwols eins net nedich. It doel fan de lessesearje lit him lestich fange yn sifers.

Westerlauwersk Frysk: In soad wille!

Noardfrysk: Foole spoos!

Seeltersk: Fúul Spoas!

Maaïke Andringa  
Dosint Frysk

# Les 1 De oare Fryslannen: Fryske taal yn Dútslân

lesdoelen:

- de learling kin de Fryske taalsituaasje yn Noard- en Eastfryslân beskriuwe
- de learling kin him ynlibje yn it libben fan Noard- en Eastfriezen
- de learling kin de rol omskriuwe fan taatgebrûk yn syn eigen libben

Lestarieding

- learlingeboekjes + dosintehantlieding
- film *Der Krug an der Wiedau* klearsette (sjoch ûnderdiel 2)
- filmkes sprekkers klearsette (sjoch ûnderdiel 4)
- evt. powerpoint as byldzjende ûndersteuning klearsette

Lesyndieling

Underdiel		Materiaal
1. Yntroduksje	5 min.	boekje útdiele + ynlieding lêze
2. Fiiftalige film	3 min. artikel lêze + taal personaazjes sjen 5 min. film sjen 5-10 min. neiprate	artikeltsje It Nijs + foto's youtubelink fragen yn boekje + útwurkingen dosint
3. In meartalich bankje	3-5 min. bankje beprate	foto's + útwurkingen dosint
4. Filmkes sprekkers	2 min. opdracht trochlêze 5 min. filmkes sjen 5-10 min. neibeprate	boekje filmkes fragen yn boekje
5. Ofsluting	5 min. Weromkeppeling les + húswurk	foarbyldfragen dosint húswurkopdracht yn boekje

## 1. Yntroduksje

boekje útdiele en ynlieding lêze (p. 2)

## 2. Fiiftalige film (ûnderdiel A yn boekje)

Film: *Der Krug an der Wiedau* (om de learling nijsgjirrich te meitsjen)

tarieding: film klearsette en Fryske ûndertitels oansette

link: <https://www.youtube.com/watch?v=8CyFOa6RWdQ>

fragmint: 7:43-11:47 (ca. 4 min.)

- artikeltsje lêze (fan It Nijs)
- sjen hokker personaazjes Frysk prate (sjoch foto's)
- filmfragmint sjen: 7:43-11:47 (ca. 4 min.)
- 5-10 minuten: klassikaal neiprate oer de film oan de hân fan de fragen. De dosint jout yn de antwurden al wat achtergrûnynformaasje, byg. by fraach 3.

(Mooglike) antwurden:

1. Wat falt dy op oan de taal fan de personaazjes?

De personaazjes prate harren eigen taal mei elkoar: sa klinke fiif talen troch elkoar.

2. Is der ien taal dominant of binne de talen lykweardich?  
De talen wurde lykweardich brûkt. Der wurdt ek net oerset, of frege: 'Wat seist?', mar it giet hiel natuerlik.
3. Kinst it Noardfrysk goed ferstean? Hoe soe dat komme tinkst?  
Eigen ynfoling. Wierskynlik net, om't it Noardfrysk al lang him op eigen wize ûntwikkele hat fan ús Frysk. Friezen binne al om 800 hinne nei Noardfryslân tein. Boppedat binne der ek Dútske en Deenske ynfloeden te hearren.
4. Neam in pear Noardfryske wurden dy't dy opfallen binne. Witst ek wat se betsjutte?  
Eigen ynfoling. Foarbylden fan antwurden (de Noardfryske wurden binne fonetysk opskreaun):
  - njuggen = njoggen
  - sunheid = sûnens
  - swoar = swier/dreech
  - lat = lyts
  - foolen tunk = tige tank
  - skoelmester = skoalmaster
  - bruk = brûke
  - glees = glês
  - eefter alven = nei alven
5. Wat is de begroeting yn Noardfryslân?  
Moin.
6. Kinst de Fryske personaazjes ek better ferstean as de oaren?  
Eigen ynfoling. Wierskynlik kinne de learlingen it Dútsk better ferstean as it Frysk.
7. Yn de film wurde fiif talen sprutsen: Noardfrysk, Suderjysk (Súd-Jutlânsk), Platdútsk, Deensk en Dútsk. De film hat ek fiif titels: *Der Krug an der Wiedau/ Æ kro ve æ Virå/ E krouf bai e Wiidou/ De Krooch an de Wiedau/ Kroen ved Vidåen*. Hokker titel is neffens dy de Noardfryske? Hoesa tinkst dat?  
De Noardfryske titel is *E krouf bai e Wiidou*. Opfallend is it lidwurd 'e'.  
(Dútsk: *Der Krug an der Wiedau*; Deensk: *Kroen ved Vidåen*; Súd-Jútsk: *Æ kro ve æ Virå*; Platdútsk: *De Krooch an de Wiedau*).

*Opmerking foar de dosint:* Achter oan dizze les kinst ekstra ynformaasje oer talen fan de personaazjes fine.

### 3. In meartalich bankje (ûnderdiel B yn boekje)

Nim foar dizze opdracht ca. 3-5 minuten. Bepreat klassikaal mei de learlingen: Watfoar bankje is it en wat sjochst oan tekst en taal op it bankje?

*Opmerking foar de dosint:* De foto's stean yn it grut op de powerpoint. De dia dernei steane de teksten útskreaun.

It is in leafdesbankje, ek te sjen oan de leafdesslotsjes en de twa hertfoarmen. It stiet flak foar de see. Op it bankje steane teksten yn it Dútsk, mar ek yn it Noardfrysk (it dialekt fan Sylt). Dat hjir in twatalich leafdesbankje stiet, lit it belang fan it Noardfrysk foar minsken sjen as memmetaal/taal fan it hert.

**Dútsk:**

Lister Hochzeitbänkle - Lister trouwbanken

Ebbe und Flut – eb en floed

Der Plätz für eure Liebe - das Hochzeitbänkli – it plak foar jim leafde – de troubank

**Frysk:**

Üüs Söl'Ring Lön (útspraak: uus Sulring Lun) – ús Sylter lân (de titel fan it folksliet fan Sylt – de tekst wurdt alle jierren songen op it Biikebrennen)

Up ewig ungedeelt – “foar altyd ûnferdielt” (motto fan Sleeswyk-Holstein: wy hearre foar altyd by mekoar)

Rüm hart – klaar kiming! – “rom hert – heldere horizon” (motto fan Fryske eilanner kapiteins, dy't sa har kosmopolitisme útdrukten).

*Opmerking:* It romme, leafhawwende hert en de brede, ûnbefoaroardielde blik binne no stereotypen by it beskriuwen fan de Noardfriezen.

**4. Ferhalen fan Friezen út de oare Fryslannen (ûnderdiel C yn boekje)**

Dizze opdracht giet om it bewustwêzen fan taalgebrûk en hat ta doel dat de learling him ynlibje kin yn it (talige) libben fan Noard- en Eastfriezen.

Foar it sjen fan de filmkes besjocht de learling de taalfraach en praatopdracht.

Der binne trije filmkes, ien oer it Noardfrysk (Meike) en twa oer it Seeltersk (Malin en Veronika). By in lestiid fan 45 minuten is it handich om allinne de filmkes fan Meike en Malin te sjen.

Dêrnei folget in praatopdracht yn twatallen (yn it Frysk). Lingte fan dizze opdracht: 5-10 minuten.

De praatopdracht wurdt plenêr weromkeppele.

Foarbylden fan fragen dy't de dosint stelle kin binne:

1. Bisto wolris skruten om it Frysk tsjin ien te brûken? Fynst dat gefoel terjochte?
2. Wa is der grutsk op dat er neist it Nederlânsk noch ien (of mear) oare memmetalen hat?
3. Hoe liket it dy ta om it Seeltersk/Noardfrysk te praten?
4. Werkensto it gefoel fan grutskens dat Malin (it jonge famke út Seelterlân) op har taal hat?
5. Hokker wurd fine jimme it moaiste?

It is in goed om benammen fraach 3 en 4 oan ferskillende learlingen te stellen om te sjen oft se it twadde leardoel behelle hawwe.

**5. Opdracht - Taalsituaasje yn Noardfryslân en Sealterlân (ûnderdiel D yn boekje)**

Dizze opdracht kin goed brûkt wurde as húswurkopdracht. By in lestiid fan 60 minuten kin er ek goed earder yn dizze les sels makke wurde.

By it neisjen fan dizze opdracht kin gebrûk makke wurde fan ûndersteande kaart (sjoch powerpoint).





Fryskpraters:

Westerlauwersk Frysk: sa'n 400.000 (fan 650.000 ynwenners fan Fryslân)

Noardfrysk: sa'n 8.000 sprekkers (fan 130.000 ynwenners), benammen op de eilannen Oomram (Amrum) en Feer (Föhr).

Seeltersk: 1000 oant 1500 sprekkers (fan 14.000 ynwenners), it stiet bekend as de lytste minderheidstaal fan Europa.

Om 1200 hinne wie it Fryske gebiet sa grut as de blauwe streek. De Ommelannen (Grinslân) en Noardhollân (en fierder) hawwe ek Frysk west. De kop fan Dútslân hjit Ost-Friesland. Dêr wurdt no Ost-Friesisch Platt sprutsen (en Heechdútsk). Wêr't no in foarm fan Eastfrysk praat wurdt, is yn Sealterlân. Om betizing mei Ost-Friesland foar te kommen ha wy it hjir oer it Seeltersk. (Sa neame de Sealterfriezen harren eigen taal.)

It is goed om Helgolân (it eilân fier yn de Noardsee yn de Dútske bocht) eefkes apart oan te wizen. Dat hearde ek by Fryslân.

## Taheakke.

Ekstra ynformaasje oer talen fan de personaazjes:



*(De namme fan it personaazje stiet tusken heakjes.)*

Fan links nei rjochts:

Ingwer Boysen (Loors): Platdútsk (en Dútsk en Deensk tsjin de plysjes)

Antje Arfsten (Grete): Noardfrysk (Fering)

Christian Petersen (Pedsen): Deensk

Güde Boysen (Ulla): Noardfrysk (Mooring)

Thore Johannsen (Doos): Noardfrysk (Mooring)

Dirk Andresen (Jens): Deensk (en Dútsk tsjin de plysje)

Stella Fuglsang (Lotte): Deensk

Helmut Petersen (dûmny): Súd-Jutsk

Ilwe Boysen (Lars): Noardfrysk (Mooring)

De plysjes (net op 'e foto):

Mahara Jacobsen (Pernille Poylsen): Deensk, mar Dútsk tsjin har kollega

Mathias Harrebye-Brandt (Hannes Schröder): Dútsk

## Les 2 De oare Fryslannen: kultuer en lânskip

lesdoelen:

- de learling kin him ynlibje yn it libben fan Noard- en Eastfriezen
- de learling kin útlizze wêrom't de dialekten fan it Noardfrysk sa fan mekoar ferskille
- de learling kin in oantal kultuerbysûnderheden neame fan de oare Fryslannen
- de learling kin bysûndere eigenskippen fan it lânskip yn Noardfryslân omskriuwe en dat keppelje oan it byld fan Fryslân eartiids

Lestarieding

- learlingen hawwe in laptop/iPad nedich
- learlingeboekjes + dosintehantlieding
- Film *Silence of the tides* klearsette (sjoch ûnderdiel A foar de fragminten)
- in mentimeter klearsette fan: Beskriuw yn in pear stekwurden wat dyn gefoel hjirby is. (sjoch ûnderdiel A)
- as ûnderdiel E dien wurdt: A3-papier + stiften
- powerpoint klearsette

Lesyndieling

Underdiel		Materiaal
1. Yntroduksje		
2. Húswurk beprate	3 min. húswurk beprate	kaart + leginda yn boekje + útwurkingen dosint + ppt mei kaart
3. Film	7 min. scènes sjen 3 min. mentimeter + beprate	link film + fragminten  mentimeter
4. It biikebrânen	1 min. yntroduksje 2 min. tekst lêze 4 min. fragen klassikaal beprate	fonetyske tekst + útwurkingen dosint + ppt mei fragen en antwurden
5. Google-opdracht	1 min. yntroduksje 12 min. opdracht 10 min. beprate	boekje / ppt mei ynstruksje laptop/iPad learling útwurkingen dosint + ppt fragen + ppt Sealterlân en Noardfryslân
6. Ofsluting	5 min. Weromkeppeling les + húswurk	húswurkopdracht yn boekje

### 1. Yntroduksje

### 2. Húswurk beprate (ûnderdiel D foarrige les)

Sjoch opmerkingen by opdracht D fan de foarrige les.

### 3. Natuerfilm oer de Noardfryske eilannen (ûnderdiel A yn boekje)

Film: *Silence of the tides* (om de iensumheid fan it lânskip sjen te litten en ek bewust te meitsjen dat it eartiids yn Fryslân fóar de grutte floeden der ek sa útseach)

tarieding: film klearsette (ûndertitels net nedich)

link: <https://www.2doc.nl/documentaires/2022/12/silence-of-the-tides.html>

- Fragmint: 4:00-6:08 (ca. 2 min.): de postboade giet oer it spoar nei Öland en Langeneß.
- Fragmint: 29:00-31:22 (ca. 2,5 min.): de postboade giet mei in boat fan de haven fan Öland nei Gröde
- Fragmint: 38:32-39:30 (ca. 1 min.): oer it Biikebrânen (útspraak: Biikebrennen). **Let op:** krekt hjirfoar binne slachte skiep te sjen.

*Koarte ferwurkingsopdracht:*

Dizze opdracht wurdt dien fia [mentimeter.com](http://mentimeter.com). De learlingen jouwe in pear stekwurden (of koarte sinnen) oer wat har gefoel by it libben yn it Noardfryske waadgebiet is. Mentimeter makket der dan in wurdweb fan. Hjirmei meitsje de learlingen in eigentiidse ympresje.

**LET OP: TARIEDING LES:** in mentimeter meitsje fan:

Beskriuw yn in pear stekwurden wat dyn gefoel hjirby is.

By it bepraten: eartiids, foar de tiid fan de grutte seediken, seach ús Fryslân der ek sa út: it oerstreamde hjir faak en der wienen in hiel soad terpen.

Mooglike stekwurden: iensum, isolearre, oerjûn oan de eleminten, wiids, soad natuer

#### 4. It biikebrânen (ûnderdiel B yn boekje)

útspraak: It biikebrennen (*mei in lange ii as yn tsiis*).

Dit ûnderdiel kin it bêste klassikaal dien wurde.

Earst wurdt fraach 1 foarlêzen.

Dan lêst de dosint de tekst foar. Hjirûnder is de tekst 'fonetysk' opskreaun, neffens de Fryske útspraakregels.

Fraach 1-5 wurde klassikaal behannele. De dosint fertelt dêrby ekstra ynformaasje (sjoch byg. by fraach 2). Dêrby sit in powerpoint mei stekwurden.

*Utspraak Noardfryske tekst:*

**It biikebrennen**

Arks iir toe padersdij (iinj-en-twoenti febroe-aar) fiire da Nordfrasje et biikebrennen. Dot as in groet feest en olles drait ham am in groet iilj. In hooltboenke wort unj-tond en trinnam it iilj fiire da mansje jarre feest, ma sjoengen, musik, doonsen, grijnkulj en teepoens. Eefter jeeft it willems noech teoter oenti doonsen.

*Oersetting:*

**It biikebrânen**

Elk jier op Sintpietersdei (21 febrewaris) fiere de Noardfriezen it biikebrânen. Dat is in grut feest en alles draait (him) om in grut fjoer. In houtbulte wurdt oanstutsen en om it fjoer hinne fiere de minsken harren feest, mei sjongen, muzyk, dûnsjen, boerekoal en teepuns. Dêrnei is der soms noch teater of dûnsjen.

Noardfryske tekst:

### It biikebrânen

Arks iir tu paadersdäi (21. februaar) fiire da Nordfräsche et biikebrânen. Dât as en grut feest än åles drait ham am en grut iilj. En hooltbunke wårt önjtånd än trinam et iilj fiire da manschne jare feest, ma schungen, musiik, doonsen, gräinküülj än teepuns. Eefter jeeft et wilems nuch teooter unti doonsen.

1. Besykje earst de Noardfryske tekst te lêzen (sûnder nei de oersetting hjirûnder te sjen). Bepraat hokker wurden ofst werkenst.

Foarbylden fan bekende wurden (de wurden binne hjir fonetysk opskreaun):

iir	= jier
fiire	= fiere
drait ham	= draait him
groet	= grut
sjoengen	= sjongen

2. Wêr giet de boppesteande tekst oer?

De tekst giet oer in feest op 21 febrewaris, it biikebrânen.

Dat is in feest yn de foarjiersfakânsje. Op dy dei binne grutte fjoerren op it strân. Faak mei drank of iten, bygelyks koal. Op Feer hast earst ek in optocht mei fakkels. Dan rinne se nei de grutte bulte ta en smite se allegear de fakkels deryn. Op in oar plak stekt ien persoan it fjoer oan. It wurdt dus ferskillend fierd. Op dit feest wurdt altyd boerekoal iten en teepuns ("teepoens") dronken. Dat is tee mei brandewyn en komyn. (De tee kuollet rap ôf ast sa bûten by it fjoer stiest, en troch dy alkohol krigest dochs noch wat waarmte.)

Oer de oarsprong fan it biikebrânen besteane ferskillende teoryen. Mei de biike soe de kommende maitiid ferwolkomme wurde (in heidensk feest dus). Yn guon doarpen stiet in striepoppe op de brânstapel. Dy soe dan de winter foarstelle dy't troch de waarmte fertard wurdt. Der wurdt ek wol tocht oan de biike as symboalyske fjoertoer. Earder, yn de 17e en 18e iuw smieten se primitive ljochtbeakens op foar de seefarders. Der gongen in hiel soad mannen mei op walfiskfeart. Dat soe de namme fan it feest 'beaken baarne' ferklearje.

3. Wat fiere de Grousters op de dei dat de Noardfriezen it biikebrânen fiere?

Sint Piter. Dat is in soarte fan kopy fan Sinteklaas.

4. Wêr soenen foar ús tige nuvere wurden lykas 'iilj' (fjoer) en 'trinam' (om ... hinne) wei komme, tinkst?

Dy binne út it Deensk liend.

5. Ut ûndersyk fan de Ryksuniversiteit Grins docht bliken dat sprekkers fan it Noardfrysk en it Westerlauwersk Frysk inoar net maklik ferstean kinne. Ien fan de wichtichste oarsaken dêrfan kinst ôfliede út dyn antwurd by fraach 4. Wat soe dy oarsaak wêze?

De Noardfriezen hawwe in soad dialektysk Deensk oernommen en dat is foar ús minder goed te begripen.

Foar de Noardfriezen is ús Frysk lestich troch de ynfloed fan it Nederlânsk.

(Boppedat sit der ek iuwen fan aparte ûntwikkeling yn dy talen.)

## 5. Google-opdracht (ûnderdiel C yn boekje)

Dizze opdracht wurket it bêste mei Google Earth (earth.google.com). As dat net slagget of te traach wurket, kin ek Google Maps (maps.google.com) brûkt wurde, mar dan wol dy mei it lânskip sichtber.

De learlingen wurkje by foarkar yndividueel, mei in eigen laptop/iPad.

### Ynstruksje oan learlingen:

- Jimme besjogge it lânskip fan Sealterlân en de eilannen fan Noardfryslân.
- Gean nei earth.google.com. Doch earst opdracht A. Brûk as sykterm “Saterland” en besjoch it lânskip om de doarpen fan Saterland hinne. Om de fragen goed beäntwurdzje te kinnen, moatst genôch ynzoome, sadatst ek de nammen fan strjitten of wetters sjen kinst.
- Skriuw dyn antwurden op de fragen op.
- Ast klear bist mei it Sealterlân, gean dan oan de slach mei opdracht B. Dêrby brûkst as sykterm “Nordfriesland”.
- Nim maks. 4 minuten foar opdracht A en maks. 8 min. foar opdracht B.
- Dêrnei beprate wy jimme antwurden.

### Opdracht:

A. Sykje mei Google Earth nei it Sealterlân (brûk as sykterm “Saterland”). Sealterlân bestiet út fjouwer doarpen: Strukelje (Strücklingen yn it Dútsk), Roomelse (Ramsloh – it haadplak fan de gemeente Sealterlân), Skäddel (Scharrel) en Seedelsbierich (Sedelsberg). Besjoch it lânskip om de fjouwer doarpen hinne. Notearje dyn antwurd op de folgjende fragen:

1. Wat sjochst hjoed-de-dei noch werom fan de isolearre lizzing fan it Sealterlân?
2. Wat falt fierder op oan it lânskip? Neam minstens twa saken.

### Mooglike antwurden:

- Sealterlân leit no net isolearre mear.
- Der leit in grutte dyk (nr. 72) neist.
- De measte feangebieten binne fuort, al sjochst noch oan alle kanten fan de doarpen dat dy der west hawwe, benammen oan it wurd Moor (Westermoor Graben – wetter; Ostermoorstraße; natuergebiet Hollener Moor en Schwaneburger Moor binne der noch). Om it Sealterlân hinne binne ek doarpen mei de namme -Fehn deryn.
- De foarmalige feangebieten binne drûchlein en de lânbougebieten dy’t dêrtroch ûntstien binne, binne relatyf rjocht, hielendal yn ferliking mei Harkebrügge, in plakje yn it easten fan Saterland.
- It lânskip is plat (alle sânheuvels binne ôfgroeven - it sân is yn Dútslân brûkt foar û.o. de oanlis fan wegen). Dat der sâniggen west hawwe, kinst sjen oan de nammen, byg. yn Sedelsberg. Yn it easten fan Ramsloh is noch in sânôfgraving.
- It spoar leit der noch altyd (mar hoed-de-dei is it in Museumeisenbahn - <https://www.mabs-online.de/>), bygelyks te sjen oan de Eisenbahnstraße yn Scharrel (leit dêr rjochts fan) en de Bahnhofstraße yn Strücklingen.
- It rivierke de Ems (yn it Seeltersk “Äi”, yn ús Frysk de ‘le’) rint noch altyd troch de doarpen hinne.
- Der rinne gjin diken nei it westen ta, foaral noard-súd en in pear nei it easten.

*By it bepraten fan de antwurden fertelt de dosint:*

□ = nije pptslide

□ Ferjage troch de stoarmfloeden tusken 1000 en 1200 kamen Eastfriezen nei it Sealterlân. Tusken 1100 en 1400 setten se har te wenjen op de sâniggen.

□ Doe't Ost-Friesland ûntfryske, lei it Sealterlân hiel isolearre. It hie allinne it rivierke de Ie as echte ferbining mei de bûtenwrâld troch de sompen deromhinne. Dy sompen wienen alle winters begeanber, as it frear.

□ Sa sjocht dat der skematysk út. Se wennen op en neist de sânheuvels.

□ Troch dy isolaasje hold it syn Fryske taal. De steatus fan it Sealterfrysk spile dêrby in grutte rol. De minsken namen it Platdútsk net oer, omdat de steatus fan it Sealterfrysk folle heger wie.

It âlde lânskip hie as gefolch dat it gebiet isolearre wie, in taaleilân bleaun en dat de Sealterfriezen in hannelsfolk wienen, troch de Ie, en letter ek troch turfwinning.

It Sealterfrysk soe foar de Sealterfryske hannelers fungearje as geheimtaal, wat bydroech oan it behâld fan de taal.

It lânskip hat no syn isolaasje ferlern. It Sealterlân is no net isolearre mear (en dat hat gefolgen foar de taal).

*Opdracht en antwurden. Yn de powerpoint steane de fragen en plaatjes.*

B. Sykje mei Google Earth nei Noardfryslân (brûk as syterm "Nordfriesland"). Besjoch it lânskip.

Notearje dyn antwurd op de folgjende fragen:

1. Op Föhr (Feer yn it Noardfrysk) en Amrum (Oomram) wurdt fan alle Noardfryske gebieten relatyf fierwei it measte Frysk praat. Besykje op basis fan de kaart dêr in ferklearring foar te finen.

Föhr en Amrum binne twa grutte eilannen, mei in pear ferskillende doarpkes. Sy lizze wol relatyf isolearre, sadat de ynfloed fan it Dútsk dêr folle lytser wie, en foarmje sterke eigen mienskippen dy't maklik har eigen taal behâlde kinne.

Boppedat hat it Noardfrysk op 'e eilannen altyd in hegere status hân as op it fêstelân.

(((Sal hat sa swier te lijen ûnder toerisme en hege huzepriizen dat de oarspronklike bewenners weilûke nei de fêstewâl en dêr hast gjin Frysk mear sprutsen wurdt.)))

2. De dialekten fan Amrum en Föhr ferskille minder as dy fan Amrum en Sylt (Sal). Sykje troch de trije eilannen op de kaart te besjen dêr in ferklearring foar.

By leech wetter kinst fan Amrum nei Föhr tarinne. Dêrtroch hat der altyd mear kontakt west tusken dy twa eilannen en lykje de dialekten mear op elkoar. Troch it oanlizzen fan diken is it seegat tusken Amrum en Sylt folle djipper wurden. Der is minder kontakt tusken dy eilannen, omdat dat minder maklik wie. Dus binne dy dialekten mear út elkoar groeid.

3. In Hallig is in eilân sûnder kustbeskerming, dêr't se op wenje op lytse hichtes. Sykje de Hallig Süderoog (Saruug) op en zoom yn op de pleats. Wêrta tsjinnet dy poel links fan de pleats?

De poel tsjinnet foar drinkwetter.

4. Fan Dagebüll (Doogebel) op it fêstelân nei Hallig Oland (Ualöönist) rint in spoar. Nei watfoar Hallig giet dat spoar noch fierder?

It spoar rint fierder nei (Nordmarsch-)Langeneß. Hy is allinne tagonklik foar bewenners.

5. Sykje op ynternet in plaatsje fan hoe't it in Hallig derútsjocht by ekstreem heech wetter (bygelyks troch in stoarm).

Tsjinwurdich hawwe in soad huzen of terpen ("Warften" yn it Dútsk) in ekstra heech beskermingsdykje.

*By it bepraten fan de antwurden fertelt de dosint:*

□ = nije pptslide

□ Yn de sande en achtste iuw bedrigen Frankyske stammen it wengebiet fan de Friezen, dat doe fan de Wezer yn it easten oant djip yn it hjoeddeiske Hollân yn it westen rûn. Dy oanfallen brochten in flechtlingestream op gong nei de Noardfryske eilannen, dy't de Friezen troch har hannelskontakten mei Skandinavië grif al koenen. De migraasje nei Noardfryslân is yn twa weagen gien. De eilannen (Feer, Oomram, Sal én Helgolân) wienen folle earder bewenne as de fêstewâl (ynklusyf de Halligen). Om 800 hinne binne se út Eastfryslân nei de eilannen te wenjen gien. In pear hûndert jier letter kaam in twadde migraasjeweach, nei it Noardfryske fêstelân.

□ It ferskil tusken de eilanner dialekten en de fêstewâldialekten is grut. It ferskil tusken de fêstewâldialekten is op himsels ek grut. It fêstelân wie doe net in oantreklik gebiet om te wenjen: it wienen allegear heuveltsjes yn 'e somepe, gebieten dy't faak ûnderling min te berikken wienen. Al dy gebieten hienen har eigen bestjoer. Der wie dus net in soad kontakt tusken de ferskillende gebieten. Dêrtroch ûntwikkele de Fryske taal him yn elk gebiet relatyf selsstannich en binne der soms frij grutte dialektferskillen groeid. Sa grut dus dat Noardfriezen fan ferskillende eilannen mekoar faak net goed ferstean kinne.

Op de powerpoint sjochst de ferdieling yn de dialekten en in foarbyld fan dy ferskillen (boerd stiet by Noardfrysk Institút yn Bredstedt). Wat soe it betsjutte?

## 6. Tekst - Plinius Maior oer lânskip yn Ostfriesland (ûnderdiel D yn boekje)

Dizze opdracht kin goed as húswurk opjûn wurde foar de folgjende les. By in lestiid fan 60 minuten kin er ek goed earder yn dizze les sels makke wurde. Dan kin er as individuele opdracht.

Húswurk: lê de tekst en beantwurdzje de acht fragen.

### Fragen en antwurden

1. Wat bart der, as de osean him twa kear deis oer it lân hinne stoart?  
*eb en floed*
2. Op hokker wize is der striid oft it gebiet ta it lân of ta de see heart?  
*by heechwetter heart it gebiet by de see, by leechwetter heart it gebiet by it lân (drûchfallen)*
3. Hokker wurd wurdt yn Fryslân brûkt foar "ophege stikken grûn of platfoarms"?  
*terpen*
4. Hoe soargje de Chauken foar harren libbensûnderhâld?  
*se hawwe skippen (dy't allinne útfarre kinne by heechwetter – sjoch de skipbreukelingen). se fange fisk (mei netten fan hurdgers (sigge) en biezen.*
5. Plinius neamt it lânskip 'sommen', mar wat is in bettere term?  
*it is in waadgebiet*
6. Hoe wurdt 'ierde as brânstof' meastal neamd?  
*turf*
7. It lânskip yn Fryslân seach der eartiids sels ek sa út. Watfoar eleminten yn ús lânskip komme noch oerien mei de beskriuwing fan Plinius?  
*de terpen (en it Waad)*
8. Hoe soe it komme dat ús lânskip no sa feroare is?  
*troch de bou fan seediken + it ôfgraven fan in hiel soad terpen. (Dy terpen binne ôfgroeven fanwege de fruchtbere grûn dêr't se fan makke binne.)*



## E. Kontakt tusken de Fryslannen

Dit ûnderdiel kin dien wurde as der in langere lestiid fan byg. 60 minuten is. De opdracht duorret sa'n 15-20 minuten.

As der gjin lestiid is, kin it ek diel útmeitsje fan it húswurk, nammentlik om de tekst troch te lêzen.

- (klassikaal) lêze fan tekst (ca. 5 min.). De teksten litte sjen dat de kontakten al fan âlde tiden binne en noch altyd (better miskien: wer) libben binne.
- N.B. De Aldfryske tekst is taheakke foar de leerlingen om sels neisneupe te kinnen. Foar dizze les folstiet it lêzen fan de oersetting.
- It segel is opsjoneel lesmateriaal.
- 3 minuten sels fragen opskriuwe
- 5 minuten oerlizzes + trije bêste fragen kieze
- 5 minuten plenêre weromkeppeling.

Materiaal: A3-papier + stiften

Dizze opdracht wurket it bêste yn groepkes. De opdracht is de *placematte*, in soarte fan Denken – Delen – Uitwisselen, wêrby't elk lid fan de groep op ien grut fel papier sels earst syn eigen antwurden opskriuwt (sûnder te oerlizzes) en dan dêrnei (nei in minút as 3) yn it midden mei de groep de bêste trije antwurden.

*De dosint fertelt:*

Ik stel dy sa in fraach. Dy fraach moastst foar dysels beantwurdzje, sûnder te oerlizzes. Dyn antwurden skriuwst op it papier op. Nei 3 minuten moatte jimme oerlizzes: jimme fertelle jim eigen fragen oan jim groepsgenoaten. Jim beslute as groep hokker 3 fragen jimme it bêste fine en skriuwe dy yn it midden fan it papier op. Dêrnei sille wy de groepen by del om jimme fragen te bepraten.

Dit is de fraach:

Stel, do bist op it Friesendroapen op Helgolân. Wat soesto Friezen út de oare Fryslannen dêr freegje wolle? Is de fraach oan in Noardfries of in Eastfries en hoe âld is er/sy? Skriuw 3 fragen op papier en oan wa'tst de fraach stelst.

### Segel

Yn de tekening fan de segel (slide 33) sit in foutsje yn de tekst. Der stiet: cui cum pleb pia sit clemens virgo Maria. Dat moat wêze: cui cum p[ro]le pia sit clemens virgo Maria

Tusken [...] wol sizze: net oerlevere, mar moat wol oanfold wurde. Op Latynske ynskripsjes wurde altyd in soad ôfkoartingen brûkt.

## Les 3 De oare Fryslannen: Noard- en Eastfrysk

lesdoelen:

- de learling kin simpele sintsjes yn it Noardfrysk en Seeltersk lêze.
- de learling kin in pear oerienkomsten en ferskillen mei ús Westerlauwersk Frysk beneame.
- de learling kin algemiene fragen oar Noard- en Eastfryslân beäntwurdzje.

Lestarieding

- learlingen hawwe in laptop/iPad/telefoan nedich foar Kahoot
- learlingeboekjes + dosintehantlieding
- Kahoot klearsette (sjoch ûnderdiel 3 foar de link)
- powerpoint klearsette

Lesyndieling

Underdiel		Materiaal
1. Yntroduksje		1e slide ppt
2. Húswurk beprate	3 min. húswurk beprate	ppt mei fragen + útwurkingen dosint
3. Noardfryske oefeningen	10 min.	oefeningen learlingen + fonetyske tekst en útwurkingen dosint + ppt mei fragen
4. Sealterfryske oefeningen	7 min.	oefeningen learlingen + fonetyske tekst en útwurkingen dosint + ppt mei fragen
5. Interfryske kwis	5 min. opsette 10 min. kwis	link kahoot laptop/iPad/telefoan learling
6. Ofsluting	5 min. Weromkeppeling lessesearje	

### Opmerking foarôf:

Dizze les hat 5 taaloefeningen. It is yn ferbân mei de tiid fan belang om it 5e lesûnderdiel 20 minuten foar de bel te begjinnen, sadat der genôch tiid oerbliuwt foar de kwis en de weromkeppeling. As dan net alle oefeningen dien binne, dan is dat sa.

1e slide powerpoint:

links: Noardfrysk plaknammeboerd op it eilân

Amrum: hertlik wolkom yn Noarddoarp/Norddorf

rjochts: boerd op in skoalle yn Sealterlân.

Eefkes freegje: Wie baale uk Seeltersk. Wat soe dat betsjutte? = Wy prate ek Seeltersk

### 1. Noardfrysk (ûnderdiel A yn boekje)

#### Oefening 1

(De oefening is yn it dialekt Mooring fan de fêstewâl.)

Dit ûnderdiel kin it bêste klassikaal dien wurde.

Noardfryske letter	útspraak
ä	e (hen)
ää	ee
å	o
åå	oo (ô)
u	oe
uu	lange oe
ü	u (dus)
üü	uu (muur)
ö	u (dus)
öi	ui
e	stomme e yn sitte
äi	ij
boog	hurde g
me/de	mee/dee
sch	sj

De dosint lêst earst de tekst foar. Hjirûnder is de tekst 'fonetysk' opskreaun, neffens de Fryske útspraakregels. De learlingen lêze mei.

*Utspraak Noardfryske tekst:*

Ik ban in fasjer ut Frasjlunj. Ik heew in groet sjap, weer ik fasj ma fong. It sjap as min hus. Nijst min sjap lait noech in sjap. It sjap as foon in toerist. Hi hot Pierre. Hi kamt ut Fronkrik. Bai it sjap foon Pierre lait in hun. Hi as groet en brun. Hi hot Jakob en hi as foon Pierre. Ik heew seelew in kot. Min kot hot Walter.

*De fet makke g is hurd.*

*De Noardfriezen hawwe in lûd (klinker) mear as ús: de u (mus) tusken in û en in ú.*

*Noardfriezen jouwe in lang lûd oan mei twa letters, ek yn in iepen wurdliid.*

*Noardfryske tekst:*

Ik ban en fascher üt Fraslönj. Ik häaw en grut schap, weer ik fasch ma fång. Et schap as min hüs. Näist min schap lait nuch en schap. Et schap as foon en tuurist. Hi hât Pierre. Hi kamt üt Frånkrik. Bai et schap foon Pierre lait en hün. Hi as grut en brün. Hi hât Jakob än hi as foon Pierre. Ik häaw seelew en kât. Min kât hât Walter.

1. Besykje om de boppesteande tekst yn it Westerlauwersk Frysk oer te setten.

*Oersetting:*

Ik bin in fisker út Fryslân. Ik haw in grut skip, dêr't ik fisk mei fang. It skip is myn hûs. Neist myn skip leit noch in skip. It skip is fan in toerist. Hy hjit Pierre. Hy komt út Frankryk. By it skip fan Pierre leit in hûn. Hy is grút en brún. Hy hjit Jakob en hy is fan Pierre. Ik haw sels in kat. Myn kat hjit Walter.

2. As in Noardfrysk wurd in -a- hat, hokker letters/klanken fine wy dan faak yn it Westerlauwersk Frysk?  
*As in Noardfrysk wurd in -a- hat, fine wy faak yn it Westerlauwersk Frysk in -i-. Bygelyks Paadersdäi – Pipersdei / sjap – skip / as – is*
3. As in Noardfrysk wurd in de kombinaasje -sch- hat, hokker letters/klanken fine wy dan faak yn it Westerlauwersk Frysk?  
*As in Noardfrysk wurd de kombinaasje -sch- (útspraak sj) hat, dan hawwe wy faak -sk-.*
4. Ast witst dat it Noard-Fryske wurd 'schan' 'hûd' betsjut, wat sil yn âlder Westerlauwersk Frysk dan foar wurd mei dy betsjutting bestien ha? Ut hokker oare taal kinne wy dat wurd ek?  
*Sch = sk + a = i -> skin (mei betsjutting 'hûd'). Wy kinne dat wurd ek út it Ingelsk.*

## Oefening 2

*Dizze oefening kin klassikaal of individueel dien wurde. By klassikaal behanneljen is it saak om foar alle fragen betinktiid yn te romjen.*

*It is leuk om learlingen sels in stikje foar lêze te litten, mei help fan de útspraakregels op p. 13.*

*Utspraak Noardfryske tekst:*

Hegar:

Mansje, ik ferjees su fole unj 'e leest tid. Ouwers Helga sjraft mee nu olles ap, weer ik am tonke sjal. En heelpt it? Noon... Weer-am ai? Ik koon ai lese.

*Noardfryske tekst:*

Häägar:

Mansche, ik ferjees sü foole önj e leest tid. Ouers Helga schraft me nü åles ap, weer ik am tånke schal. Än heelpt et? Nåån... Weeram ai? Ik koon ai leese.

*Oersetting:*

Minske, ik ferjit safolle de lêste tiid, mar Helga skriuwt my no alles op, dêr't ik om tinke moat. En helpt it? Nee... Wêrom net? Ik kin net lêze.

*Fragen en antwurden*

Foar de stavering fan wurden hawwe de Noardfriezen benammen nei it noarden sjoen. Dat sjochst ûnder oare oan de rûntsjes en puntsjes op de lûden, dêr't de Skandinaviërs sa sljocht op binne. Dêrneist hat it Noardfrysk ek in soad lienwurden út it Deensk.

1. 'Ai' is sa'n lienwurd út it Deensk. Wat soe it betsjutte, tinkst?  
*'Ai' betsjut 'net'.*
2. Skriuw ien of twa wurden op dy'tst net begrypst.  
*eigen ynfoling*
3. Wat is it grapke?

*It hat gjin sin dat Helga alles foar him opskriuwt, sadat er it net ferjit. Hy kin dochs net lêze.*

**Oefening 3**

*As de foarrige oefening yndividueel dien is, kin dizze oefening wer it bêste klassikaal dien wurde. By klassikaal behanneljen is it saak om foar alle fragen betinktiid yn te romjen.*

*It is leuk om learlingen sels in stikje foar lêze te litten, mei help fan de útspraakregels op p. 13.*

*Utspraak Noardfryske tekst:*

As dot 'e strote eefter Brijst? Sjoecht aw arken fol su ut.

*Noardfryske tekst:*

As dåt e stroote eefter Bräist? Schucht aw arken fål sü üt.

*Oersetting:*

Is dit de strjitte nei Bredstedt? Sjocht (der) yn elk gefal sa út.

Fragen en útwurkingen:

Let op: “eefter” is in falske freon en betsjut “nei” (net ‘efer’)

1. Skriuw ien of twa wurden op dy’tst net begrypst.

Eigen ynfolling

2. Wat is de grap?

De grap is datst oan de strjitte sels hielendal net sjen kinst wêr’t er hinne giet.

## 2. Seeltersk (ûnderdiel B yn boekje)

Wylst it Noardfrysk foar syn stavering mear nei Skandinavië sjoen hat, folget it Seeltersk mear de Dútske regels. Sa brûkt it Seeltersk gjin rûntjes op de letters, mar wol haadletters by haadwurden. Lange lûden wurde ek yn it Seeltersk opskreaun mei twa lûden (ek yn in iepen wurdlied).

Sealterfryske letter	útspraak
ä	e (hen)
ää	ê (brege)
u	oe
uu	lange oe
äi	ij
ou	ou

### Oefening 1

*Dizze oefening is leuk om yn twatallen te dwaan. Se dogge hieltyd ien sintsjje. Lit se it sintsjje oan mekoar foarlêze en oersetse. As de iene it net wit, mei de oare helpe. Sa hieltyd om en om ien sin.*

Wo hatst du?	Hoe hjitsto?
Wo hat dien Bâiden?	Hoe hjit dyn bern?
In wäaker Sträite woonst du?	Yn welke/hokker strjitte wennesto?
Wo leet is dät?	Hoe let is it?
Iek reke aan uut.	Ik jou ien út.
Wät wolt du drinke?	Wat wolsto drinke?
Wät maist du drinke?	Wat meisto drinke?
Wät kostet dät?	Wat kostet dat?
Wät mout iek betaalje?	Wat moat ik betelje?

### Oefening 2

*Utspraak Seelterske tekst:*

#### **Do Bierge fon’t Seelterlound**

Do Foane fon’t Seelterlound soent gjoecht bekoand, man do Bierge fon’t Seelterlound kannen wy bloot fon do Têêrpnomen. Do Nomen Seedelsbierich oen Heselsbierich soent do Seelter bekoand, man wo het det freujer oet-sijn?

Det Woud ‘Setel’ of ‘Sedel’ in ‘Seedelsbierich’ hat ap Duutsk ‘Kessel’. Tekenengen of Fertelstere rakt it nit moor, man disse Bierich hiede moegelk so ne Foarm. Ap Seedelsbierich roate det oaber morere Bierge. Deer waas dan die Mudebierich, Stokbierich, Rodebierich oen Feddebierich. Un deer moegen noch wijl moor wesen hebbe.

Seelterske tekst:

### **Do Bierge fon't Seelterlound**

Do Foane fon't Seelterlound sunt gjucht bekoand, man do Bierge fon't Seelterlound kennen wie bloot\* fon do Täärpnomen. Do Nomen Seedelsbierich un Heselsbierich sunt do Seelter bekoand, man wo häd dät fröier\* uutsäin?

Dät Woud 'Setel' of 'Sedel' in 'Seedelsbierich' hat ap Düütsk 'Kessel\*'. Tekenengen of Fertälstere rakt et\* nit moor, man disse Bierich hiede mugelk so ne Foarm. Ap Seedelsbierich roate dät\* oaber\* morere Bierge. Deer waas dan die Mudebierich, Stokbierich, Rodebierich un Fäddebierich. Un deer mügen noch wäil moor wesen häbe.

Oersetting:

### **De bergen fan it Sealterlân**

*De feanen fan it Sealterlân binne rjocht (=goed) bekend, mar de bergen fan it Sealterlân kenne wy allinne fan de doarpsnammen. De namen Seedelsberg en Heselsberg binne de Sealter(friezen) bekend, mar hoe hat dat der eartiids der útsjoen?*

*It wurd 'Setel' of 'Sedel' yn 'Seedelsbierich' hyt (=is) yn it Dútsk 'Kessel' ('tsjettel'). Tekeningen of ferhalen binne der net mear, mar dizze berch hie mooglik sa'n foarm (-> fan in tsjettel). Op Seedelsberg wienen der lykwols meardere bergen. Der wie dan de Mudebierich, Stokbierich, Rodebirch en Fäddebierich. En der hawwe fêst noch wol mear west.*

1. Fertel yn ien sin wêr't it boppesteande fragmint oer giet.  
Boppesteand ferhaaltsje giet oer bergen yn de plaknammen fan it Sealterlân: der wienen aardich wat bultsjes dêr, mar no binne dy sânbulten allegear ôfgroeven ("do Bierge fon 't Seelterlound kennen wie bloot fon do Täärpnomen").
2. Hokker twa meartalsútgingen hat it Sealterfrysk op haadwurden (zelfstandige naamwoorden)?  
It Sealterfrysk hat twa meartalsútgingen op haadwurden:  
It meartal giet meast út op -e. At it wurd al einiget op in -e, dan komt der by it meartal in -n achter, lykas by Nome -> Nomen. (Dit wie al sa yn it Aldfrysk; it Sealterfrysk hat dit oarspronklike systeem noch.)
3. It Sealterfrysk brûkt it wurd 'terp' noch yn de oarspronklike betsjutting. Wat is dy betsjutting?  
De oarspronklike betsjutting fan 'terp' is 'doarp'. (Wy hawwe it wurd doarp liend út it Nederlânsk/ sy hawwe oarspronklike wurd noch bewarre).
4. Wat falt op oan de útspraak fan de Sealterfryske wurden foar 'sleat', 'pear', 'mear', 'fean' en 'bekend'?  
De ea- of ε-klanken ('sleat', 'pear', 'mear', 'fean' en 'bekend') wurde allegear o-achtige klanken. by ús ea of ê. Dit ferskil bestie al yn de Midsiuwen (âld ferskil). Wy e en sy o-achtige klanken. Yn de tiid dat Grins noch Frysktalich wie, lei dit dialektgrins by de Lauwers: Grinzers hienen de o-achtige klanken.
5. Hoe seist yn it Sealterfrysk "yn Sedelsberg"? Kenst ek fergelykbere gefallen yn ús Frysk? En yn it Nederlânsk?  
Yn it Sealterfrysk seist 'Ap Seedelsbierich' (sy sizze 'op'). Yn it Dútsk en it Nederlânsk soe it 'yn' wêze. Yn Sealterfrysk en ús Frysk wurdt der faak 'op' brûkt. Op it Hearrefean, op 'e Jouwer, Op Urk. Yn Grins dogge se dat ek faak.

**Fraach:**

Wat fynsto makliker te lêzen/ferstean, it Noardfrysk of it Seeltersk? Kinst dêr ek in ferklearring foar jaan?

Mooglik antwurd: it Seeltersk, omdat it minder Deenske ynfloeden hat en mear Dútske.

### 3. Interfryske kwis

Dizze kahoot slút de lesseriige ôf mei in spulelemint. Fragen komme út alle trije lessen en binne (yn prinsipe) allegear behannele. De kwis bestiet út 20 fragen en kostet sels sa'n 10 minuten. Rekkenje sa'n 15 minuten ynkl. ynlogge fan de bern.

De learlingen hawwe hjir in apparaat foar nedich dat op ynternet kin (laptop/iPad/telefoan).

Kwisfragen Oare Fryslannen

Titel Kahoot: Interfryske kwis

Brûkersnamme: Andringa

Link: <https://create.kahoot.it/share/interfryske-kwiz/9bcdbac3-ed48-47ef-9120-5ecf055c8a68>

Opmerking by fragen:

Fraach 2. Amrum is hielendal gjin Hallig

Fraach 10. De Fryske bern hawwe fan it begjin twa talen.

Fraach 11. Wat hie ik foar in blide bernstiid.

Fraach 14.

Urke Dröob halept,

sait at Miir,

an do paset hat uun a Gia.

Eltse drip helpt,

sei de mier,

en doe pisse er yn de see.

Fraach 16. It boppeste boek is skreaun yn it Platdútsk (sjoch sticker)

Fraach 20.

hannen waskje foardatst begjinst

de jassen yn de gong ophingje

elk sit op it eigen plak

### Achterside

In Noardfryske stien op Amrum. Der binne fjouwer fan dit soarte stiennen op it hiele eilân, mei de fjouwer kûpletten fan it folksliet fan Amrum.

Utspraak Noardfryske tekst:

**Min Uumrang Loen**

(uu = lange u fan 'dus')

Du min tus, min uumrang loen,  
hwar so hoech a dunner stoen,  
hwar bi Kniip\* a braanang brommet,  
hwar a waastwinj ej ferstommet,  
iiwag spelet me det soen,  
leew haa'k di, min uumrang loen.

(uu = lange u fan 'dus')

Noardfryske tekst:

**Min Öömrang Lun**

Dü min tús, min öömrang lun,  
huar so huuch a düner stun,  
huar bi Kniip\* a braanang bromet,  
huar a waastwinj ej ferstomet,  
iiwag spelet mä det sun,  
leew haa'k di, min öömrang lun.

Oersetting:

**Myn Amrum-lân**

Do myn thús, myn Amrum-lân,  
wê't sa heech de dunen stean,  
wê't by Kniiep de brâning bromt,  
wê't de westewyn net ferstommet,  
ivig spilet mei it sân,  
leaf ha'k dy, myn Amrum-lân.



## Suggestjes foar de klasse út:

1. Besite oan de ôfdieling Frysk op NHL Stenden – dêr waarden ek it fak “Noardfrysk” en “Taal en Kultuer fan de Oare Fryslannen” oanbean.
2. Wolter Jetten (jout kursussen Frysk en Seeltersk) of Henk Wolf (wittenskiplik meiwurker foar it Seeltersk yn Sealterlân) freegje.
3. Besite oan in museum yn de omjouwing en dêr sjen nei spoaren fan de ferskate foarmen fan it Frysk.
4. Iendeiske besite oan it Sealterlân (Scharrel: Seelterlounder Leerpad; ite yn Grill-Eck Seelter Äi – soan fan grutte berneboekeskriuwster yn it Seeltersk – wol reservearje; Schulzentrum Saterland yn Ramsloh; Seelter Buund – Stephan Dannebaum; Henk Wolf; feangebiet).
5. Iendeiske besite oan de Upstalbeam by Aurich en Klosterstätte Ihlow (neimakke kleaster, lykas yn Bears – it grutste kleaster tusken Grins en Bremen. Der binne hjir stientsjes bewarre fan ferskate tiden en plakken yn Fryslân).
6. Meardaagse ekskurzje nei Noardfryslân (skoalle Risum-Lindholm; Nordfriisk Instituut yn Bredtstedt; haven Dagebüll; by leech wetter rinne nei Hallig Nordstrandischmoor; de eilannen; bibliotheek op Föhr en de ringwal).
7. Ekskurzje nei Schleswig-Holstein Open Air Museum (Molfsee) by Kiel.

Nûmers 4 en 5 litte har goed kombinearje.

Dizze ekskurzjes kinne moai organisearre wurde yn 'e mande mei it fak Skiednis, Dútsk en keunsthakken, om't it goed is om oer de grinzen fan it eigen fak hinne te sjen. De lessere soe dan in tarieding wêze op sa'n ekskurzje.

## Fierdere lesideeën

- Mear yngean op de begjinsituaasje fan de bern: binne se allegear Frysktalich of ha se in oare taaleftergrûn? In fragelist oer de taalsituaasje fan de bern soe bygelyks wat mear helderheid jaan kinne, of (wat mear aktivearjend) in klassepjetear dêroer. Yn de metoade fan Eduhint stiet in haadstik oer 'cultural identity' dêr't de bern earst útfine wat dat is en wat der foar harren by heart. De learlingen kinne ek sels in filmke meitsje oer harren 'taalomjouwing'.
- In kwartet meitsje litte. Kinst wurden yn fjouwer ferskate talen op de kaarten sette litte mei in tema. Learlingen meitsje it sels en kinne dan alle kwartetten fan alle learlingen brûke. Sa leare se wat fokabulêre.
- Foarbylden brûke út oare lytse taalgebieten as it Frysk, bygelyks it Welsh of Sorbysk. It wurdt dan ek dúdliker dat der mear lytse talen binne mei besteansrjocht.
- Mear histoaryske eftergrûn oanbringe, bygelyks oer *Magna Frisia*. Dêr is ek wol in soad oer te finen dat de grutskens fan bern op it Frysk noch oanwakkerje kin.

# Ekstra ynformaasje en taalmateriaal

## De hjoeddeistige situaasje fan it Sealtersk

*skreaun troch Tsjomme Dykstra en Maaïke Andringa.*

It absolúte oantal sprekkers fan it it Sealtersk waard yn 'e tweintichste ieu lang op ûngefear 2000 hâlden.<sup>1</sup> It oantal bewenners fan it kearngebiet fan de taal is yn de twadde helte fan de iuw lykwols folle grutter wurden, dêrmei is it persintaazje Frysktaligen yn Sealterlân hieltyd lytser wurden, en it Dútsk de dominante taal wurden yn Sealterlân. De rûzing is dat der hjoed-de-dei noch altyd yn alle gefallen in pear hûndert sprekkers fan it Sealtersk binne. De lêste 'taaltelling' waard lykwols útfierd yn 1995, hiele resinte sifers binne der dus net.

Ferjage troch de stoarmfloeden tusken 1000 en 1200 kamen Eastfriezen nei it Sealterlân. Tusken 1100 en 1400 setten se har te wenjen op de sâniggen. Doe't Ost-Friesland ûntfryske, lei it Sealterlân sa isolearre (mei allinne it rivierke de Ie as echte ferbining mei de bûtenwrâld troch de sompen deromhinne, dy't allinne winters begeanber wienen as it frear), dat it syn Fryske taal hold. Neffens Marron Fort spile de steatus fan it Sealterfrysk dêrby in grutte rol. De minsken namen it Platdútsk net oer, omdat de steatus fan it Sealterfrysk folle heger wie. It âlde lânskip hie as gefolch dat it gebiet isolearre wie, in taaleilân bleaun en dat de Sealterfriezen in hannelsfolk wienen, troch de Ie, en letter ek troch turfwinning. Neffens Pyt Kramer syn teory fungearre it Sealterfrysk foar de Sealterfryske hannelers as geheimtaal, wat bydroech oan it behâld fan de taal.

Fan it âlde lânskip mei hegere sângrûnen, heide en bosk is net folle mear oer. Om 1900-1930 feroare it lânskip fluch. De sânbulten binne ôfgroeven om it sân te brûken foar brêgen en wegen. It iennige dat no noch tinken docht oan al dy sânbulten binne de plaknammen: in soad plaknammen einigje op *-bierich* ('berg'). Der waard in spoarferbining oanlein, nije wegen boud: de isolearre posysje ferdwûn. De earmoedige húskes fan foar de 19e iuw (te fergelykjen mei de spitkeet fan De Harkema) waarden ferfongen; de huzen dy'tst no sjochste binne allegear relatyf nij. Mei alle nije ferbiningen wienen de âlde doarpen Strukelse, Roomelse en Skâddel (Seedelsberich is pas stifte yn 1803) oant 1945 allegear dochs hast homogeen ientalich Frysk. Dêrnei feroare it rap.

Nei de Twadde Wrâldoarloch kamen der in protte flechtlingen út de troch Poalen aneksearre Dútske gebieten nei Dútsklân ta, dy't ûnder mear ûnderbrocht waarden yn Sealterlân. Dat fersterke de posysje en it gebrûk fan it Heechdútsk yn de regio. Mei al dy Heimatsflechtlingen derby wie yn 1950 mar krapoan 50% fan de ynwenners fan Sealterlân Frysktalich. Boppedat waarden Sealterfriezen desennialang ûntmoedige om Sealtersk te praten en brûken, skoallen, media en de oerheid advisearren harren om Heechdútsk te praten en om bern ientalich Dútsk op te fieden (wat ek foar oare minderheidstalen yn Dútsklân gou). Dêrneist wie grutskens op de eigen taal en identiteit sa yn nei-oarlochs Dútsklân 'fertocht'. It is dêrom benammen de âldere generaasje dy't no noch Sealtersk praat. De lêste jierren wurdt der wol wer fan alles dien om bern op boartersplakken en beukerskoalle mei de taal op 'e hichte te bringen.

---

<sup>1</sup> Yn de dokumintêre "It Oare Fryslân 4: Fort in Oost-Friesland" fan Omrop Fryslân út 1999 rûst Marron Fort it oantal Fryskpraters om de 2500 hinne, wêrfan sa'n 1000 de taal echt goed prate kinne.

Trochdat it Dútsk hjoed-de-dei yn it iepenbiere ferkear de dominante (gongbere) fiertaal is, moatte praters fan it Sealtersk soms oer in drempel hinne om yn it spontane situaasje Sealtersk te brûken, fertelt de 18-jierrige Malin Tellmann út Sedelsberg, dy't mei har famylje fan heitekant Sealtersk praat: „As ik ûnder it winkeljen in âldere persoan tsjinkom dy't ik miskien sels wol ken fia myn pake en beppe, haw ik faak de mooglikheid om mei harren Sealtersk te praten. Spitigernôch bin ik dan faak te skruten en praat ik leaver Heechdúts mei se”, fertelt se.

Neffens Malin is it feit dat it Sealtersk net troch alle generaasjes mear goed behearske wurdt, fan grutte ynfloed op de hjoeddeistige taalsituaasje. Se tinkt dat it foar it Sealterfriezen yn dy taalsituaasje minder 'gewoan' is om Sealtersk te brûken as dat it foar de West-Slavyske minderheid fan de Sorben yn Dútsklân is om Sorbysk te praten. Bern dy't Frysk prate kinne, prate altyd Dútsk mei Dútsktalige bern. Eartiids kaam it noch wol foar dat in bern allinne Sealtersk prate koe doe't er nei skoalle ta gie, mar hjoed-de-dei is der gjin bern mear dy't ientalich Frysk is. Malin makket ûnderskied tusken Sealterskpraters dy't it brûke yn it deistich libben en minsken dy't it mar sa no en dan prate, lykas Malin sels.

Malin wenne by har mem en by har thús wie Dútsk de (fier)taal. Yn de famylje fan har heit praat se mei hast elkenien Sealtersk. Benammen har pake en beppe en oerpake en -beppe prate(n) in protte Sealtersk mei har. Fan harren hat Malin it Sealtersk leard. As Malin dan Dútsk begûn te praten, negearden se har altyd, seit se mei in laits, dat se moast it wol prate. Skriuwe fynt se dreech, mar se kin it Sealtersk sels ek goed lêze.

Har oerbeppe fan memmekant kaam út in typysk Sealtersk húshâlden en prate de taal ek floeiend. Mar om't it Sealtersk doe't har beppe berne waard in stigma hie, sa as Malin it oantsjut (der waard advisearre om de taal net mear troch te jaan oan en te praten mei de bern), hat har beppe de taal net thús leard, al prate har mem de taal dus perfekt. Malin har beppe learde de taal letter pas troch in kursus te folgjen. Har mem hat de taal nea leard, Malin pas wer fia de famylje fan har heit.

Malin seit dat der net in soad fan har leeftiid binne dy't Sealtersk prate. Fan har freonen kin nimmen it prate. Wol binne in oantal fan har freonen fan doel om de taal te learen (harren motivaasje ken ik net, spitigernôch, T.). Malin ken wol in pear jonge minsken dy't it prate, mar mei harren hat Malin gjin regelmjittich kontakt. Se tinkt dat in soad Dútsktalige jongeren mei Dútsktalige famylje har net ynteressearje yn it Frysk of de taal hielendal net kenne. “Se kinne de wearde en de unykheid net begripe. Mar ik tink dat benammen de bern, dy't dochs al nijsgjirrich en oplettend binne, ek sûnder Saterfryske woartels in ynteresse ûntwikkelje kinne.”

It Sealtersk is net sa deistich 'oanwêzich' as Dútsk en Ingelsk, yn har libben, mar foar Malin is it Sealtersk wol de belangrykste taal, omdat se it as in privileezje sjocht dat se de taal prate kin. Dat der net safolle sprekkers fan de taal binne, ferlike mei Dútsk en Ingelsk, makket de taal hiel spesjaal en bysûnder foar har. It Sealtersk hat foar har in grutte kulturele wearde en makket ûnderdiel út fan har identiteit. Se is ek grutsk dat se Frysk op har diploma stean hat. Yn de lêste twa jier op de middelbere skoalle koe se it fak Frysk kieze. Spitigernôch is de dosint dy't dat joech, no wol fuort en in goede ferfanger is der net.

Om it Sealtersk libben te hâlden is it neffens Malin it belangrykst dat der stimulearre wurdt dat de taal trochjûn wurdt en yn gebrûk bliuwt. Dat minsken de taal behearskje is ien, mar de taal brûke en sichtber meitsje is foar in mienskip noch wichtiger, seit se. De jongerein moat wiisd wurde op de

wearde fan de taal en der moatte kampanjes komme dy't elk bewust meitsje fan de taal. Malin tinkt wol dat de taal by jongere bern no mear libbet as by har eigen leeftydsgenoaten. Dat komt trochdat it Frysk mear promoate wurdt op beukerskoallen en basisskoallen, mar, seit Malin, it stimulearjen kin noch mear.

Oer de sichtberheid fan it Sealtersk yn de iepenbiere romte: de plaknammebuorden fan de Sealterske doarpen binne tsjintwurdich twatalich (de nammen stean der dus yn it Dútsk en yn it Sealtersk op) en ek op de webside fan de gemeente is it mooglik om it Sealtersk te brûken. En op in basisskoalle yn Skäddel (De Litje Skoule) wurdt in protte dien oan it Sealtersk.

Der is ek in wurdboekapp dêr't Sealterske wurden yn opsocht wurde kinne. Malin seit dat dy app har in protte helpt om wurden op te sykjen of de stavering derfan te kontrolearjen.

## Ekstra taalmateriaal

Regelmjittige ferskillen tusken de trije soarten Frysk

Westerlauwersk Frysk	Sealterfrysk	Noard-Frysk (Mooring)
it each	't Ooch	et uuge
it keal	't Koolf	et kuulew
it brea	't Brood	et brüüdj
it skip	't Skip	et schap
sitte	sitte	sate
in bern	'n Bäiden	n bjarn
it jern	't Jäiden	et gjarn

### Noardfrysk

Utspraak harktekst

1. Henk en Ingo snôke Frasj. (g = hurd)
2. Henk snôket Weestfrasj en Ingo snôket Nordfrasj.
3. Ouwens Henk koon uk Nordfrasj snôke.
4. Henk: "Moin, hu hotst du?"
5. Ingo: "Ik hiitj Ingo. En hu hotst du?"
6. Henk: "Ik hiitj Henk. Weer kamst du joert, Ingo?"
7. Ingo: "Ik kam foon Flans-borj. Dot as unj Nord-tjusj-lunj. En weer kamst du joert, Henk?"
8. Henk: "Ik kam ut Weest-frasj-lunj. Dot as unj e Nederlunje. Ik boog unj Ljouwert." (g = hurd)
9. Ingo: "Dot fruit me, dat ik de konneliird heew. Adjiis, Henk."
10. Henk: "Adjiis, Ingo."

Harktekst

1. Henk än Ingo snååke Frasch.
2. Henk snååket Weestfrasch än Ingo snååket Nordfrasch.
3. Ouers Henk koon uk Nordfrasch snååke.
4. Henk: "Moin, hü håtst dü?"
5. Ingo: "Ik hiitj Ingo. Än hü håtst dü?"
6. Henk: "Ik hiitj Henk. Weer kamst dü jurt, Ingo?"
7. Ingo: "Ik kam foon Flansborj. Dåt as önj Nordtjüschlönj. Än weer kamst dü jurt, Henk?"
8. Henk: "Ik kam üt Weestfraschlönj. Dåt as önj e Neederlönje. Ik boog önj Ljouwert."
9. Ingo: "Dåt fröit me, dåt ik de kåneliird hääw. Adjiis, Henk."
10. Henk: "Adjiis, Ingo."

Oersetting:

Henk en Ingo prate Frysk. Henk praat Westerlauwersk Frysk en Ingo praat Noardfrysk. Mar Henk kin ek Noardfrysk prate.

Henk: "Goeie, hoe hytsto?"

Ingo: "Ik hyt Ingo. En hoe hytsto?"

Henk: "Ik hyt Henk. Wêr komsto wei, Ingo?"

Ingo: "Ik kom út Flensburg. Dat is yn Noard-Dútslân. En wêr komsto wei, Henk?"

Henk: "Ik kom út Westfryslân. Dat is yn Nederlân. Ik wenje yn Ljouwert."

Ingo: "It docht my deugd, dat ik dy kennen leard haw. Oant sjen, Henk."

Henk: "Oant sjen, Ingo."

Wurdboeken Noardfrysk:

<https://henkwolf.nl/wurdlist-noardfrysk/>

<https://www.friesisch.net>

Wurdlist Seeltersk:

<https://www.seeltersk.de/frysk-seeltersk/>

## Tiidwurdsbûging

Tiidwurdsbûging Noardfrysk: gewoane tiidwurden, op w/r/i/m/l/n of in lûd en 'weese'

<b>booge</b> - wenje	<i>notiid</i>
ik	boog
dü	boogest
hi/jü/et	booget
we	booge
jam	booge
ja	booge

<b>hiire</b> - hearre	<i>notiid</i>
ik	hiir
dü	hiirst
hi/jü/et	hiirt
we	hiire
jam	hiire
ja	hiire

<b>weese</b> - wêze	<i>notiid</i>
ik	ban
dü	bast
hi/jü/et	as
we	san
jam	san
ja	san

Tiidwurdsbûging Sealterfrysk: -e- en -je-tiidwurden en 'weze'

<b>bruke</b> - brûke	<i>notiid</i>
iek	bruke
du	bruukst
hie/ju/et	bruukt
wie	bruke
jie	bruke
jo	bruke

<b>fiskje</b> - fiskje	<i>notiid</i>
iek	fiskje
du	fiskest
hie/ju/et	fisket
wie	fiskje
jie	fiskje
jo	fiskje

<b>weze</b> - wêze	<i>notiid</i>
iek	bän
du	bääst
hie/ju/et	is
wie	sunt
jie	sunt
jo	sunt

Yn de Wâlden wurdt ek 'hju' sein foar 'sy' (inkeltal)

## Lytse kursus Noardfrysk

**Gudai!** – Goeiedei!

**Gudinj!** – Goeiejûn!

**Hü gungt di det?** – Hoe gijt it mei dy?

**Mi gungt det gud.** – Mei my giet it goed.

**Ik ferstun det ei.** – Ik ferstean it net.

**Witj ik ej.** – Wit ik net.

**Sünjhaid!** – Tsjoch! (Gezondheid!)

**Kön ik betaale?** – Kin ik betelje?

**Föl toonk!** – Tige tank!

**Adjiis! Bit naist juar!** – Oant sjen! Oant takom jier!

## Opfallende oerienkomsten en ferskillen Sealterisk – ús Frysk

### Dizze lykje op ús Frysk

buppe	(boppe)	Mäme	(mem)
truch	(troch)	wachtje	(wachtsje)
Mule	(mûle)	Bäiden	(bern)
Tusken	(tosken)	fjauer	(fjouwer)
Hier	(hier)	woonje	(wenje)
Jier	(jier)	tou dwoon	(te dwaan)
Dai (meartal: Dege)	(dei)	ferjete	(ferjitte)
Wai (meartal: Wege)	(wei)	Rääch	(rêch)

### Dizze lykje net op ús Frysk

kwede (sprekke)		Soaks	(mes)
bale (prate)		Wucht	(famke (<- 'wicht'))
silläärgje nit (hielendal net – 'van zijn leven niet')		täiwe	(wachtsje)
häbe him blouked (haw him sjoen)		Sooke	(wang)
reke (jaan)		läip	(tige/slim)
ätter Täärp wai gunge (nei (it) doarp ta gean)		fluch	(moai, kreas)
Babe (pake)		aisk	(tige/slim)

### Typysk Dútsk

tou Biespil	(begelyks – zum Beispiel)
fiersjo	(tv – Fernsehen)
jeden Dai (älke Dai)	(alle dagen – jeden Tag)
Doatäi	(data)
betrachtje	(beskôgje – betrachten)
sietdäm	(sûnt dy tiid/sindsdien – seitdem)
Loundkring	(~gemeente – Landkreis)

## Lidwurden

Sealterfrysk hat trije systemen (foarmen) foar de lidwurden: m/f/n + meartal

It Noardfrysk hat twa systemen.

m/f en meartal yn Nederlânsk allegear *de*; n = *it*. It Nederlânsk hat dus twa systemen.

*it*: wy skriuwe it oars as it Sealterfrysk, mar wy ha wol deselde útspraak: ferswakje oant *t joe*: 'sy'. In Wâldpyk kin sizze: Hy wie der ek, je wie der ek.

Sealterfrysk		Us Frysk	
m	= die	de	
f	= ju	de	(e)
n	= dät	et/t	(t)
mv	= do	de	(e)

*m = manlik / f = froulik / n = ûnsidich. mv = meartal*